

1910

1910

# Op 'e ny ynhiere. NYJIERSWINSK.

1. *Tink, Frjeonen, Sibben !  
Jimm' krij' wer 't Libben,  
Dit nijje Tier -  
Ten God yn' Hier.*
2. *Tink om Lânheare  
Syn Rjûcht en Eare!  
Wel 't boerkjen neat,  
't Komt grif farkeard !*
3. *Strak is 't Biteljen :  
Awer 't Tild ta heljen ?  
Maer -- ha' j'm in Boarch,  
Ha dan gjin Saarch.*

Eanjum.

S. HUISMANS.

D. R. HUISMANS-Banda.

1910

1910

# Alde en Nije Klean.

Allegearre scille se as klean  
ta'n ein reitsje. Ps. 102 : 27.

Wy wolle net útklaeid, mar  
oerklaeid wirde. 2 Cor. 5 : 4.

Aldjiersklacht en Nyjierswinsk,  
1910 — 1911.

De Tiid, dy fen gjin laepjen wit,  
Wol alle jierren nije klean.  
Ho tsjep 't habyt him earst ek sit,  
't Ein sjucht him wer as bidler stean.

Dat hâldt mar oan, jier út jier yn.  
Dat slyt mar foart en hâldt neat oer.  
Dat smyt mar ta de fodkoer yn,  
o Libbenstiid, hwat bistû djûr !

o Libbenstiid, hwat bistû rij !  
Al wer in bêst pak klean ta'n ein :  
Ho kinst it sa oan flarden krij' ?  
Ho hast sa gau wer nij oantein ?

Do tsjuchst mar út en tsjuchst mar oan,  
For âld wer nij, en 't let dy neat !  
Mar 't kostet ús ús krêft en kroan :  
Wy bliuw' binefter earm en bleat

Wy winsk j', o Tiid ! dy út 'e tiid,  
En ús nei d' Ivichheit fortein,  
Oerklaeid, o Frjeonen, hymelsk bliid,  
Mei 't wite kleed fen d' iiv'ge Snein !

EANJUM

S. HUISMANS.

D. R. HUISMANS—BANDA.

# It Paed troch de Snie.

Ik kuire troch de lânnen,  
Dy laeien ûnder 'e snie.  
't Wier rounom nou itselde :  
Min seach gjin ûnderskie.

Mar wâdzjend troch de dammen,  
Bleau 'k by in hikpeal stean,  
'k Seach eiter my foeteasten,  
Dy 'k printe hie yn 't gean.

Ik tocht: „dit liket nuver!  
't Wier oeral rjûcht en sljûcht,  
„Mar elk sjocht nou myn paedtsje.  
„En 't giet hwat mei in bocht !“

Dit woe 'k do oars oanlizze:  
Rjûchtút fer daeni ta daem!  
Mar 'k wier der (ho 'k probearre)  
Al wer hwat krûm lâns kaem.

• • • • •  
Sa giet ús paed troch 't libben,  
Fen 't iene yn 't oare jier.  
Wy litte 'n foetspoar efters,  
Faek sichtber wit ho fier.

't Seil oars, fen hik ta hikpeal,....  
't Bliuwt bochtsjen by de rûs! —  
*Mar lokkich, as ús 't paedtsje*  
*Dochs tichter bringt by Hus!*

S. HUISMANS.

Eanjum, Nyjiersdei 1912.

# Al wer in Ploechgong.

## 1912—1913.

De Tiid (hy wit fen skoftsjen neat)  
Hat wer in ploechgong dien,  
En hat meiskien by lyts en great  
Wer djippe fûrgen <sup>1)</sup> snien.

— — — — —  
De ploechman ment; en ropt aloan :  
„Hâld-om !” „Boei-om !” <sup>2)</sup> sa ’t moat.  
Séfûgels aezje efteroan ;  
De groun leit deadsk en swart.

— — — — —  
Mar ’t ploeijen giet dochs mei forstân,  
Fen d’ earstfûrge oan ’e lêste ta ;  
En letter scil it deadske lân  
Der better frucht om ha’.

— — — — —  
Falt jimm’ it libben swier ? Hâld moed !  
De ploegie is yn ’s Heeren hân.  
En wirdt h̄jir it fjild for siedzjen goed,  
De risping <sup>3)</sup> komt yn ’t Himelsk Lân.

S. HUISMANS.

<sup>1)</sup> diepe voren. <sup>2)</sup> Linksom en Rechtsom, bij het mennen van ploegpaarden. <sup>3)</sup> Oogst.